



DE YNTAKE FAN DE HIMEL



Absurde, komyske ienakter

fan

SIEP JORNA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE YNTAKE FAN DE HIMEL** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **SIEP JORNA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© **2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Bonne (*Ingel*)

Tryntsje

Klaas

Gabe (*Ingel*)

DEKÔR:

De wachtkeamer fan de Himel. Lofts en rjochts in doar. Ien is de foardoar en de oare de efterdoar. It buro fan Bonne, fol mei mappen en papierboel en in grutte mikrofoan. Op it buro in kompjûterskerm. De kompjûter stiet ûnder it buro op 'e grûn. Der steane fjouwer stuollen op in rige tsjin de eftermuorre. In lyts taffeltsje derfoar mei wat lektuer der op. Yn 'e wachtkeamer hingje twa lûdsprekkers. Ien foar tekst dy't troch in mikrofoan sprutsen wurdt en ien foar de muzyk. Yn 'e wachtkeamer hinget ek in bel. Elke kear at der wat sein wurdt, wat eins net kin yn 'e Himel, giet dy bel.

U dient bij uw zaaleigenaar te informeren of de muziecrechten in een totaalcontract worden voldaan. Is dit niet het geval dan dient U contact op te nemen met: BUMA/STEMRA

DE YNTAKE FAN DE HIMEL

(wurdt op de foardoar kloppe)

BONNE: *(drok mei papierboel, sjocht net op of om. Ropt)* Wolle jo even efterom komme. De wyn is op 'e foardoar, dat sadwaande...

TRYNTSJE: *(duorret even, komt yn troch efterdoar)* Goemoarn, Petrus.

BONNE: Goemoarn... mar ik bin Petrus net.

TRYNTSJE: Och heden, jo binne Petrus net? No ha ik altyd miend dat at je yn 'e Himel komme, je by de doar wolkom hjitten wurde troch Petrus. Is er siik?

BONNE: Nee, hy is der in oantal dagen net. Dat ik nim him salang waar en doch de yntake fan de Himel hjoed. It is myn earste kear, dat graach wat begryp foar dizze situaasje.

TRYNTSJE: Dat sis ik ek altyd tsjin ús bern. Net direkt raar dwaan as dingen krekt wat oars rinne. Ik ha sels in jonge en in famke... gjin twilling hear, mar wol flak op inoar. Wy wiene op fakânsje op Teksel, doe...

BONNE: Ho, ho... Sille wy even by it begjin begjinne...

TRYNTSJE: Fansels, fansels... Mar at jo Petrus net binne, wa binne jo dan wol?

BONNE: Ik bin Bonne...

TRYNTSJE: Och hea, fan Bonifatius?

BONNE: Dat soe bêst kinne...

TRYNTSJE: Ik hie destiids in tante, dy siet yn Limburg yn it kleaster. Dy hjitte Suster Bonifacio, in skat fan in minske...

BONNE: Ja, dy ken ik wol, dy is hjir ek...

TRYNTSJE: Dat hie ik wol tocht. Hoe is't no mei har? Se hie destiids nochal wat lêst fan 't hert...

BONNE: Ja, ja... sille wy even by de saak bliuwe. Ha jo ek in ID kaart by jo?

TRYNTSJE: ID kaart? Nee, dy ha ik net meinaam. Dêr wist ik neat fan. Dat hat ek gjin ien tsjin my sein...

BONNE: It is net oars. Oare kear wol even om tinke graach.

TRYNTSJE: Ik fyn hjir yn 'e bûse noch wol in famylje kaart fan "IKEA".
Ha jo dêr ek wat oan?

BONNE: Nee, lit mar sitte...

TRYNTSJE: Hie ik it mar witten... Ik ha him oars altyd by my. Altyd yn in taske oer it skouder. Dy jurken fan tsjintwurdich ha altyd fan dy lytse bûsen en dan bin ik dea benaud dat ik him kwyt reitsje... fan dêr yn in taske...

BONNE: Hoe is de namme?

TRYNTSJE: Hoe is de namme? Jo witte doch wol wa't ik bin?

BONNE: Oars wol, mar wy ha wat problemen mei it kompjûtersysteem. Dat ik ha no in útdraai fan in pear dagen âld, dat sa dwaande...

TRYNTSJE: Och hea, dan hiene jo better Klaas earst ha kinnen. Dat is myn man. Tige handich mei kompjûters. Je soene it net sizze, mar hy kriget alles wer oan 'e praat. Lêsten liet er syn skearapparaat yn 'e waskbak soademiterje (*bel*) ...

BONNE: Ho, ho, ho... wolle jo wol wat om jo taalgebrûk tinke? Jo binne hjir yn 'e Himmel en net op 'e feemerk. By wize fan sprekken...

TRYNTSJE: Och hea, mei ik hjir net soademiterje (*bel*) sizze...

BONNE: Nee, leaver net. Mar om Klaas hjir no ek noch hinne te heljen, giet my wat te bot...

TRYNTSJE: Nee, dat is ek sa, doch dat mar net... Mar at jo even in telefoan ha, wol ik him wol even belje... it kin him soms mar oan in lyts dinkje lizze... Ha jo de stekker der wol yn?

BONNE: Ja, de stekker sit der yn, dêr leit it net oan...

TRYNTSJE: Wy binne in kear fan stroomleveransier feroare. Wy soene goedkeaper kinne mei de stroom. No, in moaie keardel, dy ús dat oansmart hat. Ien en al ellinde...

BONNE: Keal, swarte bril, grutte noas...

TRYNTSJE: Ja.

BONNE: Dy is hjir ek...

TRYNTSJE: Och hea, hoe kinne jim dy hjir der ynlitte?

BONNE: Hy paste altyd tige goed op syn kninen. Dat sadwaande...

TRYNTSJE: Just krekt... No dan sil myn âld buorman hjir wol net komme. Dy fersûpt syn jonge katten...

BONNE: Namme?

TRYNTSJE: Sape Langler. Hy wennet neist ús op 'e Buorren. Wy krije simmers altyd wol blauwe beien fan him, dy binne tige lekker en goed. Der is gjin ien dy't bettere blauwe beien hat dan Sape. Dêr giet it net om, mar dat fan dy katten kin eins net...

BONNE: Ik bedoel jo namme... Wy moatte eins even trochgean. In dei is samar om...

TRYNTSJE: O... Ja fansels, dat is ek sa. Hoe let is't eins? Se ha my it horloazje ôf dien. Dat wie eins wol in moai klokje. No ja, dat sil ús Hinke wol krije. Der moat eins wol in nije batterij yn. Mar dêr sil se sels wol efter komme. En it horloazjebantsje wurdt ek wat sutterich...

BONNE: Sille wy even trochgean... Hoe is de namme, dan sykje ik de gegevens der even by...

TRYNTSJE: Tryntsje... Tryntsje Bleeker.

BONNE: (*siket yn in steapel papieren*) Tryntsje Bleeker... Tryntsje Bleeker... Nee, dizze net... Dy net... Binne jo hjir al earder west?

TRYNTSJE: Nee hear, dit is de earste kear...

BONNE: (*wat yn himsels*) Eins ek wol wat in frjemde fraach...

TRYNTSJE: ...Ik stuts by it autoriden even de hân op nei Sape. Ik wit sels net hoe ik it hân ha. De hiele auto total loss, dat Klaas sil wol om in oare moatte... it wie oars sa'n moai weintsje... in sitroen C3... read mei in swart dak...

BONNE: Citroën C3. Puntsjes op de "e"...

TRYNTSJE: Sels witte. Hy hie ek efter in rutewisker. Ha noait witten hoe't dy wurke. Sit rjochts in handelsje oan it stjoer, sei Klaas, it sil wol. Ik hoech it no ek net mear te witten.

BONNE: Hjir ha'k jo.

TRYNTSJE: Wat sei?

BONNE: Hjir ha ik jo gegevens. Tryntsje Bleeker. Famkesnamme Trijntje Wilhelmina Zeeman. Heit Jan Zeeman. Mem Vimke de Jong. Vimke mei in V. Trout mei Klaas Bleeker.

TRYNTSJE: Jo ha je administraasje goed op oarder, it kloppet as in bus.

BONNE: *(sjocht yn syn papieren)* Hjir stiet hielendal net dat jo hjoed komme...

TRYNTSJE: No dat is my ek wat?

BONNE: Let neat, it is al sa. Dan moatte jo der mar even tuskentroch.

TRYNTSJE: Even wat oars. Kin ik hjir ek even nei it húske. Ik moat de lêste tiid nochal gauris. Soe der noch mei nei dokter. Mar ja hoecht ek net mear.

BONNE: At jo tusken acht en njoggen even in ôfspraak meitsje, kin der even ien nei sjen.

TRYNTSJE: Ja, ja, sjen kostet neat, mar sa sille wy hjir net. Kin der ek ien wat oan dwaan?

BONNE: Jo snappe wol wat ik bedoel... At jo even troch dy doar geane, dan sjogge jo rjochts it húske.

TRYNTSJE: Och hea, bin ik der krekt lâns kaam. Net yn 'e gaten hân. By ús stiet der nûmer 100 op. Fûn Klaas sa leuk...

BONNE: Ja, ja, toe no mar. Straks stiet alles hjir ûnder wetter.

TRYNTSJE: *(laket lûd)* Ja, at it dêr dan mar by bliuwt. Mar dy fan my kin soms ek sa sterk rûke. Ik sil oan meitsje... *(ôf)*

BONNE: Leave santjin, wêr fine se sokken... *(dûkt yn 'e papieren)*

STIM: *(út lûdsprekker)* Wol de bestjûder fan de giel/wite bestelwein fan De Himel Logistiks, mei it kenteken VFJ-01-5, de auto even feride? Hy stiet yn 't paad....

(der wurdt op 'e foardoar slein)

BONNE: *(sjocht net op of om. Ropt)* Wolle jo even efterom komme. De wyn is op 'e foardoar, dat sadwaande...

KLAAS: *(duorret even, komt yn troch efterdoar)* Goemoarn, Petrus.

BONNE: Goemoarn...mar ik bin Petrus net.

KLAAS: Och heden, jo binne Petrus net? No ha ik altyd miend dat at je yn 'e Himel komme, je by de doar wolkom hjitten wurde troch Petrus. Is er siik?

BONNE: Dizze tekst ha wy al earder hân. Sille wy even fierder gean. Wa binne jo?

KLAAS: Ik bin Klaas. Klaas Bleeker.

BONNE: *(ferheard)* Klaas... Klaas...? Klaas Bleeker, wêr ha ik dy namme earder heard?

KLAAS: Ik soe it net witte.

BONNE: (*sjocht yn syn papieren*) Jo binne te betiid. Jo steane net op 'e list foar hjoed. Binne jo faaks trout mei Tryntsje Bleeker. Famkesnamme Trijntje Wilhelmina Zeeman. Heit Jan Zeeman. Mem Vimke de Jong. Vimke mei in V. Binne jo dy man fan de kompjûters?

KLAAS: No, sa gek is it no ek net wer... Yn myn frije tiid mei ik wol graach wat mei kompjûters ompiele, dat is sa.

BONNE: En jo kinne ek skearapparaten wer oan 'e gong krije?

KLAAS: Nim him nije wike mar even in kear mei, dan sjoch ik der even nei. (*laket*) Dat rimet...

BONNE: Ja, ja... Ha jo ek in ID kaart by jo?

KLAAS: ID kaart? Moast ik dy meinimme. Wist ik neat fan.

BONNE: Oare kear even omtinke graach.

KLAAS: Ik ha wol in "Karwei" kaart by my. Ha jo dêr ek wat oan?

BONNE: (*siket yn in steapel papieren*) Nee, dêr ha ik neat oan. Klaas Bleeker... Klaas Bleeker... Nee, dizze net... Dy ek net... Binne jo hjir foar it earst?

KLAAS: Nee, ik bin hjir al earder west. (*Bonne sjocht ferheard op. Klaas laket lûd*) Geintsje, moat kinne of net...


BONNE: (*siket wer yn syn papieren*) Hjir ha ik jo gegevens. Klaas Bleeker. Heit Bert Bleeker. Mem Antje Geertruida Maria van der Aa. Trout mei Trijntje Wilhelmina Zeeman.

KLAAS: Kloppet as in bus.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto